

Mefr. G. Spaanderman- Wielinga ta oantinken

Sûnt ús lêste kontaktblêd forskynde is fan ús hinnegien mefr. G. Spaanderman-Wielinga, in skriuwster oan hwa't de KFFB in soad to tankwjer oan hwa't Mefr. Spaanderman wie in bysûndere frou mei bysûndere jeften. Hja hie de jefte fan in treflik ûnthâld. Hiel hwat âlde ynfryske wurden, dy't in oar komselden mear brûkte wiene har noch hiem en eigen. Tal fan âlde stoarjes en anekdoten, folksbrûkmen, foarbylden fan folksleauwe libben yn har oantinken foerts.

Hja hie ek de jefte fan it fortellen. In moeting mei har wie in bysûnder barren. Hja koe wol ûren oanien fortelle fan it libben fan alear, fan nuvere fitten, frjemde oankomsten. Hja hie de jefte fan it wurk. Net allinne mounling, mar ek skriftlik. Hja skreau yn inkelde jierren tiid mar efkes 6 romans en nei skatting wol sa'n 100 koarte verhalen. Hja sammelen stoffe foar noch folle mear. Hja hie noch greate plannen oant de pinne har ûntfoel.

Hja hie de jefte fan de follesidichheit. Hja koe mei likefolle linigens skriuwe oer it hjoed en oer it juster, oer it nou en oer it fiere forline, oer earm en oer ryk, oer de heideklinte en oer in aristokratysk formidden.

Hja hie de jeften fan it trochsetten. Lichaemlik handicap, meidat hja min seach, liet se it der net by sitte. Hwat se ienkear for har nommen hie, makke se foar safier har krêften it lije woene, dien.

Hja hie de jefte fan de artistisiteit. Hja hâldde fan moaije dingen net allinne, mar makke dy ek sels. Bihalven mei de pinne koe hja ek omgean mei nudle en trie.

Hja hie as jefte in harmonysk gesin, in man dy't har lange jierren bystie, in soan en skoandochter, dy't har opnamen, doe't dy har ûntfoel.

Hja hie — faeks wol it geheim fan alles — de jefte fan in ryk leauwenslibben. Hja libbe tichte by God, oan Hwa't se har folsle tabitroude en yn hwaens keninkryk hja in goede tsjinstfaem wie, dy't har graech ynsette foar it forlerne, it a-soasiale, de fallene.

Yn 1956 forskynde har earste roman: „It Gouden ûleboerd”, in hiel aparte forskining yn de Fryske lettertún, sûnt lang al útforkoft en noch altyd frege. Spile dit boek op de heide, yn 1960 kaem, suver as in tsjinwicht „Juwielen fearren”, dat yn in hiel oar formidden spile, mar dochs ek oereinkomsten hie: it heimsinnige, suver mistlike.

Twa jier letter, yn 1962 kaem: „As de sênearmin sjongt”, in roman oer har hertestreek, de Sumarre heide, mei trije

jier (1965) al folge fan „Kinke”, dat op it omslach it byld fan har skoandochter meikrige, hwant ek dit omslach waerd makke neffens har eigen winsk, lyk as hja ek foar de eardere boeken it ûntwerp makke. Har sin foar it útwurkjen fan histoaryske gegevens krige foarm in stal yn har lêste boeken: „It loeder fan Clancarty (1966) en yn „Moard yn toga” (1969). Hie it libben gjin ein nommen, hja soe grif mear skreaun ha, hwant hja wie noch lang net útforteld. It mocht spitigernôch net sa wêze. Nei 't har krêften al stadihoan optarden rekke hja nei in koarte sykte noch hommels wei. De KFFB wie op de routsjint fortsjintwurdige, mar ek yn dit blêd like ús dit koart „In memoriam” wol op syn plak. Mefrou Spaanderman-Wielinga stelde har rike jeften û.o. yn tsjinst fan de Fryske saek. Hja joech har hert. Allinne dat al makke har ta in skriuwster fan formaet, in foarbyld foar mannich oar. Dat hja rêste mei yn frede.

*El. Knie
sept 1971*